

# MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: FNP, Sijbe Knol
Mei-yntsjinner(s):

Moasje nr.	
Paraaf	
Wurklistpunt	
Beslút	

## MOASJE, eks kêst 31 Reglemint fan oarder

Steategearkomste	26 oktober 2022
Wurklistpunt	Moasje frjemd
Koarte titel fan de moasje	Realistyske oanpak wolvedossier
<p>De Steaten, yn gearkomste byinoar op 26 oktober 2022, heard hawwende it berie;</p> <p>konstatearjende dat</p> <ul style="list-style-type: none"><li>• in wolvepearke mei 3 welpkes him yn it grinsgebiet fan Fryslân en Drinte festige hat;</li><li>• der dit jier yn Fryslân en Drinte al mear bisten dan yn eardere jierren troch de wolf oanfallen binne;</li></ul> <p>oerwagende dat</p> <ul style="list-style-type: none"><li>• it hjoeddeistige belied mei allinne previntive maatregels ta beskerming fan it fee arbeidsyntinsyf en kostber is;</li></ul> <p>fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten</p> <ul style="list-style-type: none"><li>• yn oparbeidzjen mei de Provinsje Drinte – en mooglik mear provinsjes – it Ryk op 'e nij oan te trunen om him yn Europa yn te setten foar in legere beskermingsstatus foar de wolf by in op Europeeske skaal foldwaande geunstige staat fan ynstânhâlding fan de wolvepopulaasje;</li><li>• yn kaart te bringen wat de mearkosten wêze sille as de Subsydzjeregeling Previnsje Skea troch Wolven iepensteld wurdt foar de hiele provinsje;</li><li>• mei it Ryk ôfspraken te meitsjen oer in fergoeding fan de kosten, dêrby ek in fergoeding fan de arbeidskosten foar de bistehâlders;</li><li>• yn gearwurking mei de Fryske Gebietskommisje Wolf en Stifting Wolf-Fencing Nederlân ynformaasje-gearkomsten te belizzen oer it nimmen fan previntive maatregels foar de beskerming fan it fee;</li></ul> <p>en geane oer ta de oarder fan de dei</p>	

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening)
	FNP, Sijbe Knol